



De Doarpskille

Novimber

153

Nûmer 5/ 2011

lenentritichste Jiergong

Redaksje:

Dieta Holwerda
(Lay-out)
Langgrousterwei 12
Tel. 242212
dieta@knid.nl

Pieter Hoogland
De Lyts Ein 37
Tel. 241284
info@hooglandverhuur.nl

Jannie Meijer-Braaksma
Buorfinne 36
Tel. 241569
jannie_meijer@hotmail.com

Tineke Slager-Groenewoud
(Administraasje)
De Lyts Ein 2
Tel. 242020
doarpskille@hotmail.com

Anneke Weidenaar-
Bergema
(Boargerlike Stân)
Langgrousterwei 23
Tel. 242148
anneke.weidenaar@gmail.com

Sytze Wiersma
Mounewei 8
Tel. 241783
wiersmagsm@knid.nl

Bank: Rabobank
Rek.nr.: 3461.40.293

Yn dizze skille û.o.:

Ferslaggen fan: De Bernejster, UDI
Protestantse kerk
It Doarpsbelang
Doarpshûs de Terp

Froulju's wurk, in ferhaal
B&W op besite by OCO
Nijs oer de Doarpsreünie
Oantinkens fan Geart Cuperus, diel 3
In brief fan Sinterklaas
Op 'e kofje by..... Nynke Themmen
Hoe is it no mei..... Hedzer Wiersma

Fan 'e redaksje

Tsja, der leit alwer in nije Skille foar jim.

Der stiet wer in gesellich petear yn fan Sytze mei???. Fansels de Boargerlike Stân. In ferslach fan de yntocht fan Sinterklaas en noch folle mear.

Ik wol noch al efkes werom komme op it foaropwurdsje fan de foarige kear.

-->

Doe koene jim lêze dat de Skille lêst hie fan in krisis op finansjeel gebiet. Nei septimber is der gelokkich wêr in bytsje romte kommen, mar der moat al hjir en dêr ris sjoen wurde hoe 't it no fierder moat. Jim hearre der noch fan. Yn elts gefal alfêst tige tank foar de jeften en bydragen.

Dan no efkes wat oars. Nei sa'n 30 jier Doarpsskille fyn ik it wol ris tiid wurden om myn plakje frij te meitsjen foar in nij lûd yn de redaksje en dêrom is der yn dizze Skille myn leste bydrage. Ik ha altyd mei nocht meiwurke mar ik wol no sels wol ris in puzel meitsje(oplosse)

De redaksje soe it wol op priis stelle, dat ien fan jim myn plakje ynnimt dat ik soe sizze: Belje se plat. It hat my altyd bêst foldien en ik kin it jimme allinnich mar oanriede om it ris te probearjen.

p.s. Nije reiserlagen en âlde herinneringen en oare nijtsjes binne fansels noch hieltyd wolkom yn ûs en jim Skille.

In noflik skoftsje lêzen tawinske fan

jmb

It opropke yn'e lêste Skille hat fertúten dien, de bydragen fan'e buerten stroomden binnen mar ek krigen wij in moaie gift fan'e lisferiening en fan de Gymnastykferiening.
TIGE TANK FOAR JIM STIPE!

Buertferienings:

Buorfinne
Griene Wei
Langgrousterwei/De Terp
Lyts Ein
Buorren 2
Nijbuorren

Ferienings:

lisferiening
Gymnastykferiening SSS



BOARGERLIKE STAN



BERTENIJS

ANNE LYNN famke fan Paul Jacob en Antine Holwerda-Post
berne 2 oktober, Foeke Sjoerdsstrjitte 7

RUBEN JELKE jonkje fan Klaas Dijkstra en Minke Schoorstra
berne 6 oktober, De Buorren 1

MIRIAM MARIJE famke fan Wiebe Jan Jongeling en Jolanda
Haakma, suske fan Lieke Anniek
berne 9 oktober, Nijbuorren 10

GRETHA famke fan Menze en Anna de Haan
berne 10 oktober, Nijbuorren 16

HOULIKSSAKEN

troud:

ABE VISSER EN KLASKE HOLWERDA binne 11 novimber troud.
Doktersfiif 4.

langer troud:

DRIES EN HILLIE FABER-FEENSTRA, Grienewei 52.
Sy wiene 24 oktober **25 jier** troud.

PIETER EN ANTJE POST-MEINSMA Grienewei 39.
Sy wiene 1 novimber **55 jier** troud.

HENK EN JACQUELINE SOLLE-BARKMEIJER Langgrousterwei 15.
Sy binne 28 novimber **25 jier** troud.

FERHUZERIJ

Yn ferbân mei de "privacy" fuortlitten

.

NIJE BEWENNERS

Yn ferbân mei de "privacy" fuortlitten

.

Anneke

Mochten jim nijs hawwe foar dizze rubryk, belje of mail my dan efkes, it is sa maklik en jo hoege de doar der net foar út (info op side 1). In briefke yn 'e brievebus mei ek fansels.



Stichting Dorpshuis 'de Terp'

Het nieuwe seizoen van dorpshuis de Terp is begonnen en de eerste activiteiten zijn georganiseerd. In oktober heeft de band "Sa en oaren" het dorpshuis plat gespeeld, jammer voor vele dorpsgenoten die deze avond verhinderd waren want dit was een uitstekende band. Jammer, volgende keer beter.

Op 18 november is het dorpshuis het toneel van het open kampioenschap sjoelen en op 25 november volgt dan de play-back show. Voor het sjoelen kunt u zich aan de zaal opgeven en voor de play-back show kan dit bij Louise van Ekelenburg.

Op 10 december is het weer tijd voor de winterfair, mocht u aan dit evenement mee willen werken neem dan even contact op met André Beeksma, tel: 241744.

Naast deze evenementen denken we er over om het pokerkampioenschap van Dongeradeel naar Oosternijkerk te halen, daarover de volgende keer meer.

Zoals u waarschijnlijk gemerkt heeft zijn de bestuursleden van dorpshuis de Terp druk bezig met het werven van donateurs. Wij hopen dat u allemaal ons dorpshuis met een donatie wilt steunen want wij kunnen dit heel goed gebruiken om het dorpshuis in stand te houden.

Tot slotte willen wij Abe en Klaske gelukwensen met hun huwelijk en wij wensen hen veel geluk toe.

Bestuur stichting dorpshuis de Terp.



Brassband UDI

Yn it nije seizoen binne wy begûn mei it repetearjen foar it NBK. It stik hjit Evolution. It is in prachtich, mar wol moeilik wurk. Hjir wiene wy drok mei dwaande oant 1 novimber. Doe kaam it berjocht fan ús nije dirigint Jaap, dat hy net fierder woe mei UDI. Dat wie foar ús allegear wol skrikken. Jaap hat ús in mail stjoerd wêryn hy fertelt wêrom hy ophâldt by ús. Dit is fansels tige spitich, want no moasten wy wol beslúte om mar net mear nei it NBK yn Grîns te gean. Wy krigen wol in geweldig oanbod fan in oare dirigint om dochs nei it kampioenskip te kinnen, mar in oare dirigint moatte jo ek wer oan wenne.

Op 1 novimber hiene wy dus in probleem. No is it bestjoer fuortdaliks op syk gien nei in dirigint, want op snein 6 novimber waard UDI ferwachte yn Mitselwier. It bestjoer hat ús wolbekende Daan Hoekstra belle. Hy wie der samar út en sei: Ik kom deroan!! Daan is foar ús fansels hiel fertrouwd. En sa koene wy dochs nei Mitselwier. Dêr ha wy de tsjerketsjinst begeliede en nei ôfrin in lyts kofjekonsert hâlden. Daan, ek fanút de doarpskille noch tige tank foar dyn ynset!

En hoe no fierder... Ja, UDI lit de holle net gau hingje, dus in nij program is sa mar foar elkoar. Wy ha beslúten dit jier in Krystkonsert te jaan. It leit yn 'e planning dit te hâlden op snein 18 desimber o.s. om 16.00 oere. Dus minsken, hâldt dizze middei alfêst frij om ús konsert te besykjen. It bestjoer hat ek al in tydlike dirigint regele. Hy hjit Gijs Heusinkveld. Wy ha al in repetysje mei him hân en dat wie in noflikke jûn. Gijs studeart noch foar dirigint yn Grîns en woe UDI graach út 'e brân helpe.

No earst noch wat mear oer de ôfrûne tiid. Sa as yn 'e foarige Skille ferteld is, ha wy in nije foarsitter koazen. Dit is wurden Tjepke Popkema, bestjoerslid en al moai wat jierren slachwurker by UDI. Wy binne bliid

dat Tjepke dizze taak op him nimme wol. Doe moast der ek noch in nij bestjoerslid by komme. Twa leden hiene sich beskikber steld en dêrfan is Bettina Weidenaar útkoazen. Bettina, wy binne ek tige bliid datsto dit wurk op dy nimme wolst. Fierder ha wy op de Expo stien mei in lyts standsje. Wy ha dêr moai wat lotsjes ferkocht en op de tiisdeitejûn nei it Expo-wykein (11 oktober) binne der 10 priiswinners lutsen. Dizze minsken ha wy útnoege om op 15 oktober oan 'e ein fan 'e middei nei de Ilsherberch yn Dokkum te kommen. Dizze dei hiene wy in stúdzjedei yn in seal fan de Ilsherberch. Yn earste ynstânsje wie it bedoeld om te studearjen foar it NBK, mar it is altyd goed om mei innoar te repetearjen. It wie in noflikke dei, wy koene mei de priiswinners sels op it terras bûtendoar sitte. In foto fan de priiswinners stiet op ús webside **www.brassbandudi.nl**. Ek fanút de Skille in tankjewol oan alle minsken dy't in lotsje (as mear) fan ús kocht ha op de Expo en in hertlike lokwinsk foar de winners.

Wat stiet der noch op ús program foar de kommende tiid? Foarearst de Krystfair op sneon 10 desimber. Dêr kinne jo alfêst foarpriuwe foar âlden-nij, wy steane dêr nammentlik mei oaljebollen. Dan op 18 desimber ús Krystkonsert. Yn 'e wike foar de Kryst komme wy by de doaren lâns mei ús oaljebollenlist en kinne jo in bestelling opjaan. It is it doel om op 24 desimber nei de Krystnachttsjinst yn 'e Tsjerketoer te spyljen, mar dit is wol ôfhinklik fan it waar. As it bygelyks foel waait, blaze wy hast út 'e toer wei. Earste Krystdei sille wy moarns betiid wer om 'e buorren om in elts wekker te spyljen mei krystferskes (dit alles ek "ijs-en-wederdienende"). Dêrnei sitte wy klear yn tsjerke om de tsjinst te begelieden.

Aldjiersdei geane wy oaljebolle-bakken (earmbetiid) en dy súdele wy, as it meisit, foar tolven út.



Wy wiene drok oan it repetearjen mei it stik Evolution foar it NBK. No 't dat net troch giet, wolle wy dit stik net samar oan 'e kant skowe. Dus geane wy fierder en it doel is no om dit stik te spyljen op it Federaasjefestival yn Anjum. Dit fynt plak op sneon 18 febrewaris 2012. Dat is noch in hiel ein foarút en dêroer yn 'e folgjende Skille mear.

MF



VERENIGING
VOOR DORPSBELANGEN
OOSTERNIJKERK

We houden ons de laatste maanden met verschillende dingen bezig. Zo zijn de subsidieaanvragen voor de gewenste Steiger in de vaart bij de Gemeente Dongeradeel, Stichting Plattelânsprojekten en bij diverse fondsen ingediend.

We hebben het plan opgevat om een **dorpsreünie** te organiseren. De laatste reünie was in 1991, dus ruim 20 jaar geleden. Tijd voor een nieuwe ontmoeting met oud-Oosternijkerkers. We hebben de keuze gemaakt om de reünie niet met het dorpsfeest in 2013 te houden, omdat we het jammer vinden dat dan bijna alle zaterdag activiteiten komen te vervallen, welke zo door de dorpsbewoners gewaardeerd worden. Daarom organiseren we de reünie volgend jaar en daarvoor hebben we een reüniecommissie opgericht. Meer hierover leest u verderop in deze Skille.

Het lijkt ons ook erg fijn om een **gezellige middag met de 55+** te houden. Daarom organiseren we op vrijdagmiddag 10 februari in dorpshuis de Terp een gezellige middag met "Trijekaart". Het begint om 16.00 uur met koffie en na afloop is er tijd voor een gezamenlijke borrel. We zullen de entreeprijs zo laag mogelijk houden want we willen dat u allemaal komt.

Het terrein voor de nieuwbouw Lou Sanen fase II is bouwrijp gemaakt en klaar voor nieuwe woningen. Nu moet de verkoop van kavels op gang komen en dat zal wel een behoorlijke tijd duren.

De afgelopen 4 jaar hebben we jaarlijks een overleg met Thus Wonen gehad. We hebben aangegeven dat in Oosternijkerk behoefte is aan leeftijdsneutrale huurwoningen, waar zowel jongeren als senioren in kunnen wonen. Thus wonen heeft ons gevraagd om onze vraag concreet te maken. Dit hebben we gedaan. Op de inloopmarkt in het dorpshuis hebben we 10 namen op papier gekregen van mensen die graag nu of op termijn een huurwoning willen betrekken. Deze namen, samen met een overzicht van de bevolkingsopbouw van ons dorp hebben we ingeleverd. Dit heeft helaas geen enkel effect gehad. U heeft er wellicht in de krant al het een en ander over gelezen. Het

nieuwe strategische voorraadbeleid van Thus Wonen is gericht op investeren in 5 grote plaatsen met een hoog voorzieningenniveau zoals Dokkum, Kollum, Damwoude enzv. In de kleine dorpen wordt niet meer geïnvesteerd, wat zal leiden tot een verdere krimp in die dorpen. Middelgrote dorpen als Ternaard, Metslawier, Anjum en ook Oosternijkerk zitten hier tussen in. Maar ook in deze middelgrote dorpen zal nagenoeg niet geïnvesteerd worden. Thus Wonen heeft bovendien de dorpsbelangen buiten spel gezet, door de dorpsbelangen niet meer als klankbord te horen, maar de huurdersvereniging. Dit laatste is verontrustend. Gelukkig zijn er meer partijen, zoals diverse raadsleden die ook vinden dat dit niet kan. In december hebben we weer een overleg met een vertegenwoordiger van Thus Wonen. We hopen nog altijd dat er met een creatief plan of met sterke argumenten een kans komt. Dit kansje zal heel klein zijn, maar de aanhouder wint.


Zoutbak

In de winter wordt door de afdeling Gemeentewurk (voorheen wijkbeheer) van Gemeente Dongeradeel op vastgestelde routes zout gestrooid. Daarnaast staat er in ons dorp een zoutbak, bij de glascontainer. Dit zout is bedoeld om te strooien bij het dorpshuis of andere verenigingsgebouwen, sportruimten, bij school, bushalte, voor smalle stegen en voor toegang naar seniorenwoningen.

De afgelopen winter is er veel oneigenlijk gebruik door de gemeente geconstateerd.

Als iemand een emmertje zout voor de stoep, steeg of voor senioren woningen haalt is niet zo'n probleem, maar het is niet de bedoeling om aanhangwagens met zout te halen voor eigen erf. Gemeentewurk heeft besloten om ook deze winter de zoutbakken te blijven bevoorraden, mits er een sleutelhouder wordt aangesteld. Dorpsbelang zal iemand hiervoor vragen en dit nog bekend maken. Er kan dan geen zout meer gehaald worden voor eigen gebruik.

Namens Vereniging voor Dorpsbelangen
Dieta Holwerda



Protestantse gemeente Oosternijkerk

Kerkdiensten: 9.30 uur in 'de Bining, de Langgrousterwei.
Via de radio te ontvangen op 102.8 FM.

Predikante: da. H.K. Olde Scheper-van der Weide,
Lou Sânen 1, 0519-36384

e-mail: da.oldscheper@planet.nl

Scriba : F. Meinsma, Langgrousterwei 44, 0519-242208

e-mail : scriba-on@hotmail.com

Voorzitter : mevr. A. Bremer, de Lyts Ein 8, 0519-242200

e-mail: anniebremer@lijntje.nl

Het college van kerkrentmeesters

Het college van kerkrentmeesters bestaat uit 4 ouderling kerkrentmeesters (bezoeken kerkenraadsvergaderingen) 3 kerkrentmeesters en de penningmeester.

Het college heeft o.a. als taken:

- Zorgdragen van de geldwerving. Hiervoor zijn we in het bijzonder aangewezen op de jaarlijkse KerkBalans en de wekelijkse collecten in de kerk.
- Beheer van "de Bining", "St. Ceciliakerk, "het Lokaal" en de pastorie.
- Beheer grondzaken van de gemeente.
- Beheer onderhoudsfonds St.Ceciliakerk en begraafplaats.
- Voorbereiden en opstellen van de begroting en de jaarrekening.

Het college van kerkrentmeesters draagt zorg voor de financiën van de gemeente en eigendommen. De belangrijkste uitgaven betreffen:

- Onderhoud en vaste lasten kerkgebouwen, pastorie en "het Lokaal".
- Vergoeding predikant, koster en organist.
- Ledenadministratie
- Solidariteitskas

Wij vergaderen ongeveer 10 keer per jaar, meestal in de week na de kerkenraadsvergadering.

Let wel, de kerk kan niet zonder vrijwilligers! Het college stelt het zeer op prijs dat er ieder jaar weer vrijwilligers zijn, zodat we samen de schouders eronder kunnen zetten.

Met vriendelijke groet,
Het college van kerkrentmeesters

P E D I C U R E

**AKKE GREETJE
MOOIBROEK-DE BEER**

PEDICURE



**B. BEKKERSTRJITTE 23
9123 JV METSLAWIER
TEL. (0519) 24 22 37
06-12189059**

LID VAN PROVOET

OCO



B&W op besite bij de OCO

Op 25 oktober jl. krige de ûndernimmersferiening OCO besite fan boargemaster Waanders en de wethâlders De Graaf, Van der Ploeg en Boorsma. Ien kear yn'e trije jier komt in delegaasje fan B&W op besite.

Boubedriuw Holwerda hie gastfrij de doarren iepen set en eltsenien waard ûnthelle mei kofje en gebak. Foarsitter Theunis Faber sr. iepene om in oere as trije de fergadering en koe 22 minsken ferwolkomje.

Op'e aginda stienen ûnderwurpen as de Sintrale As, útwreiding bedriuweterrein 't Oogh, de grienfoarsjenning fan 't Oogh en de paadwizers fan de ANWB. Derneist waard ek de gemeentlike proseduerre fan wizigings fan bestimmingsplannen bepraat. Guon ûndernimmers (mar ek oare doarpsgenoaten) ha d'r mei te krijen hân dat in bestimming bougrûn feroare is yn in agraryske bestimming, sûnder dêrfan skriftlik op'e hichte steld te wêzen. Dizze gong fan saken sil fierder bepraat wurde yn gemeentlike kring.

Nei de byienkomst wie d'r gelegenheid om it boubedriuw te besjen, dernei waard noch in besite brocht oan de Mastergroep.

Tsg

Zaterdag 10 december a.s.



Winterfair

**Van 11.00 - 18.00 uur in en rond
Dorpshuis de Terp in Oosternijkerk**



peuterspeelzaal
De Berneijster


Hoi allemaal,

Het schooljaar begon voor de peuters met een nieuw gezicht, stage juf Jenny de Jong blijft het hele schooljaar op maandag t/m woensdag juf Afke assisteren. Juf Jenny veel succes met je stage!

In het vorige verslag nog vergeten te vertellen maar op vaderdag kregen alle vaders een dikke tien van de peuters!!!!

Eind september heeft juf Jenny poppenkast gespeeld voor de jongste en voor de oudste peuters. Vooral de oudste peuters konden er geen genoeg van krijgen!!

4 oktober was het weer dierdag, er waren bij de oudste peuters 3 echte honden die geaaid konden worden en er waren ook heeeeel veel verschillende knuffels die de peuters konden laten zien.



Voor de herfstvakantie werd er geverft en geplakt en zo konden de peuters o.a. een mooie rups, een paddenstoel en een slak mee naar huis nemen.

Na de herfstvakantie begon het alweer goed voor de jongste peuters. Er waren allemaal tractaties en de kriebeltantes kwamen langs om de haren te controleren op luizen.

Ook is er weer een verandering in het bestuur. Anja Bandstra haar termijn zit erop en haar plaats wordt ingenomen door Maaike Westra. Anja bedankt voor al je werk voor de peuter en Maaike welkom in het bestuur.

Inmiddels hebben de peuters het centraal prentenboek mee naar huis gekregen. Raad eens hoeveel ik van je hou gaat over kleine en grote haas. Als kleine haas moet gaan slapen probeert hij op allerlei

manieren te laten zien hoeveel hij van grote haas houdt. Hij springt, rekt en strekt en wijst tenslotte tot aan de maan, zó veel en zó ver. Kleine haas bedenkt steeds iets nieuws. Grote haas doet er telkens een schepje bovenop. Hij heeft tenslotte het laatste woord: "Ik hou van jou helemaal tot aan de maan, en terug". In het werkboek staan leuke spelletjes en knutselwerkjes die de ouders met de peuter kunnen doen. De volgende keer kunnen jullie alles lezen over het Sinterklaasbezoek en over de boeken die de peuters weer mee krijgen. Kijk ook eens voor verslagen en foto's van de peuters op de website van de Bernejister.

www.foekesjoerds-pcbodongeradeel.nl - vernieuwd!!!

Voor vragen e.d. kunt u/jullie altijd contact opnemen met Afke Jongeling, haar telefoonnummer is 241918.

Het bestuur bestaat uit Ted Oldescheper (voorzitter), Alice Klimstra (penningmeester), Maaïke Westra (secretaresse), Pieter Leistra en Aletta Keegstra.

Beste dorpsgenoten,

HARTELIJK BEDANKT

Hartelijk dank voor het collecteren en het geven van uw bijdrage aan het Diabetes Fonds. De collecte heeft € 522,84 opgebracht.

GEZOCHT

Wij hebben de diabetes collecte 11 jaar verzorgd en zijn nu op zoek naar één of twee opvolgers. Wie wil deze collecte van ons overnemen?

Voor informatie kunnen jullie contact met ons opnemen.

**Met vriendelijke groet,
Grietje Linthof en Aukje Sikkema**

55+ middei mei "Trijekaart"

Foar de 55 plussers ûnder ús is der op

freed 10 febrewaris 2012

yn it doarpshûs fan

16.00 oan't 18.00 oere

in gesellige middei

wer't ûnder it genot fan in bakje tee as kofje en letter in drankje lústere wurde kin nei in sankje . . . en in praatsje.
Nei in gedichtsje. . . as fleurich ferhaaltsje út eigen wurk
ôfwiksele troch moaie akkordeonmuzyk mei alderhande bekende lietsjes. Ek kin de'r sa no en dan mei songen wurde . .
. . . mar neat hoecht alles mei !

Dit alles wurd brocht troch Klaske Kingma-Noordenbos, Aan Westra en Janneke Themmen -Westra.

De kosten foar dizze middei binne € 7,50 pp. (ynkl. kofje as tee).

Wy hoopje dat wy jo dêr begroetsje meie

It Doarpsbelang

Is it ferfier foar jo in probleem, dan kinne jo belje mei Aukje Sikkema, tillefoannûmer 0519-241512 en wurd der foar ferfier soarge sawol hinne as werom

Jeugdclubs Oosternijkerk

Beste inwoners van Oosternijkerk,
Het loopt weer naar het einde van het jaar en de feestdagen komen weer in het zicht. Heel langzaam aan begint iedereen zich weer voor te bereiden op de kerst feestmalen die dit jaar weer zullen worden genuttigd. Voor velen hier in het dorp de normaalste zaak van de wereld. Maar er zijn in Nederland velen voor wie dit niet zo vanzelfsprekend is. De **Jeugdclubs** van Oosternijkerk willen die mensen helpen en daarom organiseren wij een **Voedselactie**. In de **week van 19 t/m 24 december** zal de jeugd van oosternijkerk bij u aan de deur komen met de vraag of u wat voedsel wilt afstaan voor de voedselbank van Dongeradeel. Het zou fijn zijn als u hieraan uw medewerking wilt verlenen. Door de economische crisis is er een schaarste ontstaan om de voedselpakketten te kunnen maken en het aantal pakketten wordt steeds groter. De meeste behoefte is er voor langdurig houdbare producten. Wij hebben voor u al een lijstje samen gesteld zodat u er met uw boodschappen alvast een beetje rekening mee kan houden.

- Suiker
- Thee
- Koffie(pads)
- Koffiemelk
- Houdbare melk
- Chocolademelk
- Pasta (macaroni, spaghetti)
- Rijst
- Cakemix
- Pannenkoekmix
- Chocolate beleg
- Appelmoes
- Blik- pot groenten
- Soep
- Vacuüm verpakt rookworst

Met de groeten van **de jeugdclubs van Oosternijkerk**



Doarpsreüny Easternijtsjerk

15 septimber 2012

Wat is de oerienkomst tusken de jiertallen 1979, 1991 en 2012 yn de skiednis fan Easternijtsjerk?

Antwurd: Yn al dizze jierren hat der in Doarpsreüny plakfûn, jawis 2012 heart ek yn dit rychje thús. Der is neffens de geruchten al gauris oer praat yn it doarp: “Moatte wy ek hast wer ris in Reüny ha?” No, op 15 septimber 2012 is it safier.

Doarpsbelang hat dêrta it inisjatyf naam en in oantal minsken frege om in sit te nimmen yn de nije Reünykommisje. De nammen fan de kommisjeleden steane ûnderoan dizze bledside.

Dizze kommisje hat no ien kear byinoar west en doe fuort in datum yn 2012 prikt: sneon 15 septimber! It bysûndere fan de kommende Reüny is dat er dit kear net tagelyk in doarpsfeest hâlden wurdt, it wurdt dus in ‘frijsteand’ barren. De Reüny kriget de oandacht dy’t nedich is en de hiele dei stiet yn it teken fan de reünisten dy’t út alle hoeken en hernen op ús doarp tasetten komme!

De kommisje sil de kommende tiid wurkje oan de ynfulling fan dy dei mar ien ding stiet no al fêst: der moatte safolle mooglik âld-Nijtsjerksters op ‘e hichte brocht wurde fan dit bjusterbaarlik barren! Dêrta hat de kommisje by jimme allegear in brief brocht mei de fraach om safolle mooglik adressen fan famyljeleden, dy’t ea yn Nijtsjerk wenne ha, troch te jaan: noch leaver de e-mailadressen.

Der kin ek tocht wurde oan adressen fan eardere bewenners fan jim hûs: wêr binne dy bedarre? It kin ommers wêze dat fan harren gjin famylje mear yn it doarp wennet.

De kommende wike wurde dizze briefkes, fol mei adressen fansels, persoanlik by jim weihelle. Dêrnei kin de kommisje oan de slach. It leit yn ‘e bedoeling dat jimme middels De Doarpsskille op de hichte hâlden wurde fan de tariedings op de grutte dei.

Oant jannewaris 2012 dan mar.

Alien de Beer
Dries Faber
Antsje Kuiper


Lolke Bergema
Hillie Faber
Reinder Tolsma

Theo Dorhout
Yde van Kammen
Renske de Weger

Komt der wer sa'n 'reüny-binnen-in-reüny': Beukerjuf Nynke Alzerda, op de foto it strieljend middelpunt!, kaam yn 1991 op de foto mei in protte âld-learlingen. Bart soks 20 jier letter nochris??



In foto út it argyf - 20



Bijgaande foto is beschikbaar gesteld door de heer Andries Brouwer. De foto is genomen in 1946/7 en laat treffend zien hoeveel personeel er voorheen nodig was in de landbouw. Wat nu door één persoon met een combine gedaan kan worden, werd destijds door een groot aantal arbeiders uitgevoerd.


De foto is genomen op een stuk land aan de Bartenswei en toont het verwerken van de koolzaadoogst (koalsied-terskje). Links staan de wagens die het koolzaad in schoven ophalen van het land en naar de dorsmachine brengen. Dat ging nog met paarden, hoewel in het midden van de foto al een traktor te zien is (of werd die gebruikt als aandrijving van de dorsmachine??). De schoven werden bij de dorsmachine met vorken naar boven gestoken waar drie man staan die de schoven in de machine moeten steken. Helemaal rechts zijn de pakken koolzaadstro te zien die nadien naar de boerderij werden gebracht. In het midden is het zeil zichtbaar waarin het koolzaad werd opgevangen.

De dorsmachine is van de "fa v.d. Lei O-Nijkerk" en vier van zijn personeelsleden zijn op de foto te zien. De volgende personen op de foto zijn (on)bekend:

Vlnr. Op het land: eerst een onbekend persoon, dan een zoon van de boer: Freerk Brouwer, Jilles ?, Frans Postmus (een beetje verscholen tussen de twee mannen), Jan Bos (was afkomstig van Damwoude, in de oogsttijd kwamen destijds veel seizoensarbeiders vanuit de Wouden naar de Kleistreek), rechts van het kleed staat de boer zelf, Gerrit Brouwer, Jan Willems de Vries (leunend op de vork), weer een zoon van de boer: Bauke Brouwer, Willem Wessels de Vries en hurkend nog een zoon van Willem Wessels de Vries. De laatste twee personen zijn personeelsleden van Van der Lei waarvan de namen onbekend zijn.

Boven op de dorsmachine zit links de derde zoon van de boer: Andries Brouwer en de andere twee zijn weer onbekende personeelsleden van Van der Lei.

Als iemand een geschikte foto heeft of aanvullingen op deze foto heeft, graag reageren via 241593, of r.tolsma01@knid.nl.



In ynstjoerd stik



Eefkes in ferhaaltsje nei oanlieding fan it stikje oer de foto fan Adrie, Ketrine en Sjoerd Blom yn de Skille. It is net wurdlik wier, mar sa sil't ûngefear gjin wêze.

Ik kin mij herinnerje dat yn de simmer fan 1945 of 1946, (dat wit ik èk net mear) op in joune, Master Gruntra by myn heit Thomas de Wilde, timmerman oan de Nesserwei J 50, (no Ald Tún 8) yn de timmerwinkel kaam.

Disse master Gruntra wie in artystyk man, hy koe hiel moai fertelle, tekenje en fioelspylje en wie ek in beste master. Hy wie bij Riep-en-Jantsje yn de kost.

"Thomas", sei master "Kin jo foar frou Blom ek in boerd meitsje, sa en sa grut ûngefear, mei in stôk deroan om it omheech te hâlden? Ik moat it dan opskilderje, - Frede yn Fryslân- moat der op stean en har bern moat it meidrage yn de optocht."

Us heit, wurrich fan't wurk en mislik fan't gefreech om plankjes en latsjes foar it feest grommele "te drok!---wol wat oars te dwaan---gjin geskikt hout...is al let." en sa. Us heit wie net sa'n feestfiguer. Frou Rieps-Jantsje wol! Master sei "Dat kin ik begripe, ha`k ek al tsjin Jantsje sein! Mar die rôp" Gjin geseur! nei Thomas om in boerd en dan oant skilderjen, ferve ha ik al fan Jelle helle, Avesearje! It moat oaremoarn droech wêze!!!!" Dat sadwaande bin ik hjir"

Heit seach noartsk en sei "Ik wol der gjin ged...och mei ha! Dat âld feest ek! Hoe krije se` t yn de holle!

"Man! Thomas!" sei master "Om des leaven fredes wil! as jo it dan net om it feest, of om Rieps-Jantsje en har bern, it doarp of wit ik werom net dwaan kinne, doch it dan om my en **om de frede yn Fryslân te bewarjen!!!**

It boerd is makke en beskildere, sa` t we op de foto sjen koenen, en we ha noch altyd **FREDE YN FRYSLÂN.**

Willem de Wilde

Workshop Bloemschikken

Donderdag 6 Oktober was er een Workshop bloemschikken in het lokaal aan de Foeke Sjoerdstrjitte. Het thema was heel toepasselijk Herfst, het was die dag ook heel herfstig weer. Maar we zaten gezellig knus binnen. Met een opkomst van 9 dames ging de avond vol goede moed van start. Na enige uitleg konden de dames zelf aan de slag. Er werd een lantaarn frame bekleed met mos en in het lantaarn werd na de koffiepauze een herfst bloemstuk gemaakt. Met hier en daar wat hulp werden alle bloemstukken prachtig, en allemaal ook heel verschillend.



Voor de kerst worden er weer workshops Bloemschikken gehouden in het lokaal aan de Foeke sjoerdstrjitte. Dit zal zijn op Dinsdag 13 December en Donderdag 15 December. Het is de bedoeling om dan een halve maan frame, op een poot, te bekleden met lichtjes en mos, zodat er een neutrale basis ontstaat. Als de basis is gemaakt dan gaan we deze versieren met kerstballen en andere kerstversiersels naar eigen keuze. Een mooi bloemstuk waar u de hele kerst van kan genieten. De kosten voor deze workshop bedragen € 28,- euro (inclusief al het ateriaal). Opgeven kan door te bellen 0519-701967 of een miltje te sturen iamhinke@hotmail.com.

OANTINKENS OAN DE BUORREN 7 (*)

Nei in útstapke fan trije jier yn Dokkum, dêr't wy nei ús trouwen kamen te wenjen, sochten wy wer in hûs yn Nijtsjerk. It âld plysje hûs (Mûnewei 26) kaam te keap en soe per opbod ferkocht wurde yn it kafee. In kunde fan ús hiene wy frege om foar ús te bieden en dy sette nei it spektakel ta. Mar dat waard neat want Wytse Grijpstra kaam krekt yn dy tiid werom út Kanada mei syn djoere dollars en dy waard de heechste bieder.

In skoftsje letter kaam it hûs fan Hemke de Vries op 'e buorden yn it kafee en doe hiene wy mear gelok. Nei 20 kear ferheegjen (!!)) waarden wy de nije eigners. Dit hûs, De Buorren 7, stie wat efterôf want it wie tsjin de âlde iepenbiere skoalle oanboud troch de eardere eigner/timmerman Siemen Zijlstra. It kreative plak kin oantsjut wurde as: efter de wente fan Jappie Tanja, no binne dêr de huzen Langgrousterwei 8, 8a en 10, 10a.




Rjochts it hok, yn 'e midden it hegere skoallegebou en links ús hûs, tsjin de âld skoalle oanboud. Op 'e foargrûn de tún fan Egbert de Vries, no fan Willem Bergmans

Dit hûs moast wol wat ferboud wurde foar't wy der yn koene en dus reizge ik alle jûnen mei de bus nei Nijtsjerk want in auto hiene wy doe net. Alle jûnen krigen wy tee fan Gertje dy't dêr deun neist wenne mei har man Durk Sakes Postma, wy neamden har dêrom Durk Sakes' Gjertsje.

It hûs mocht dan wat efterôf stean, it wenne och sa rêstich dêr om it hoekje. Dy rêst waard betiden wreed fersteurd as Piet van Driesum de elektryske smeihammer brûkte en it smidsfjoer oan hie. Op sokke tiden koe Gepke de wask net oan 'e line ha want dy soe dan swart wurde. De bernewein bleau ek yn 'e hûs, mar soks fûnen wy hiel gewoan, dat wie doe sa, fierder waard dêr net muoilik oer dien.


Smid Van Driesum hie hinnen efter de wurkpleats en Anne Sonnema, smidsfeint by Van Driesum, joech ús jonges wolris in aai en dan sei er: "Jou dit mar oan jim mem, mar der earst goed yn knipe, hear!"



De Buorren 7 op in tekening fan Roel Holtewes. Hjir is it hok better te sjen. De lantearnepeal rjochts is noch in orizjinele Nijtsjerkster lantearnepeal (it lampke ha'k sels makke). Dizze peal is meardere kearen mei ús ferhuze en stiet no by ús Wilbert yn Mitselwier

Neist ús hûs wie in hiele grutte reinwettersbak, dy wie noch fan de âlde skoalle. Dy bak wie opmitsele mei giele stientsjes yn de foarm fan in rûn ferwulf. Wy brûkten dy bak net en dêrom hie ik er, foar de feiligens fan ús jonges, in slot op makke. De kaai dêrfan hie Egbert de Vries (Eibert slachter, seine wy) en dy wenne foar oan de wei (De Buorren 9).

Dy helle der elke dei in amer wetter út om tee mei te setten. Doe't Eibert en Lolkje wat âlder waarden, brocht ik harren elke dei in amerfol. By it hûs hearde ek in moai hok, it wie de âlde brânwarkaserne fan de gemeente. Doe't Hemke de Vries der wenne stie der in karre yn fan de BB (Beskerming Befolking) mei allegear helpmiddels, lykas ljedders, in brancard, bilen, ensfh. Dat materiaal ha se letter ophelle, doe krigen wy rûmte en ha we de boel wat opknapt.




Yn de fabryk yn Dokkum dêr't ik doe wurke, de DMF= Dokkumer Machine Fabriek, waarden guon âlde machine oprûme. Ik kocht doe in âlde draaibank op, deselde dêr't ik as 15-jierrich jonkje efter kaam te stean doe't ik krekt fan de ambachtskoalle ôf kaam. Dy draaibank wie my dus net frjemd en no't ik 64 jier bin, is dat al 49 jier ferlyn en ik ha dy draaibank noch altiten en brûk 'm noch geregeld!

Dat hok stie yn it ferlingde fan de reed, no de oprit nei de garaazje fan Willem Bergmans. Wat mear nei links stie ús hûs en dus seachst it hok wol mar it hûs net. Koest dus ek gjin hûsnûmer sjen en dat wie foar frjemden wolris lestich, dat doe ha'k fan izertried fan 6 milimeter trochsnee in racemotor makke. Op de 'kuip' fan dy motor ha'k in 7 set, ús hûsnûmer doe. It hinget no by ús yn de Foeke Sjoerdsstrjitte oan 'e muorre. As frjemden nei mei ta wolle en freegje hokker hûs as wy yn wenje, dan sis ik altiten: "It hûs mei de motor oan 'e muorre". Jelle Walda sei tsjin my dat ik dy motor wyt en giel fervje moast, dat falt it bêst op: dat is noch altiten sa.

Om't ús hûs wat efterôf stie, wie it ek in moai skûlplak foar jonges dy't op 'e brommer foar de plysje útnaaiden: se wiene ommers dan ynienen út it sicht! Der binne dan ek ferskate jonges út it doarp (yntusken fansels grutte keardels) dy't gebrûk makke ha fan dizze flechtmooglikheid: hurd by de bakker as de winkelman de bocht om en ferskûlje efter ús hûs.

Us hûs wie tsjin de âlde iepenbiere skoalle oanboud en yn dy âld skoalle wenne Durk Sakes Postma mei syn Gjetsje, hy hie earder buorkerij yn

de skoalle hân. It wiene âlde minsken mar wy koene goed mei harren opsjitte en wy, mar ek ús bern, kamen der in protte. No steane op dat stee in rigele nije huzen. Yn it begjin wennen dêr wol trije leden fan de famylje Blom yn (Sjoerd, Easge en Sietse), dat doe seine se wol: 't is de Blommestrijtte as Blomkestrjitte.



Efterkant de âld skoalle mei alhiel links ús hok. Yn it linker part fan de skoalle wennen Durk en Gertje Postma, de rjochterkant wie earder buorkerij yn.

Us buorlju Durk en Gjetsje krigen alle tiisdeitejûnen besite fan âlde Durk Bergema. By't hjerst, as wannear't it dûnker wie, hie er in grutte lampe by him. Hy hie o sokke minne eagen. Ik ha him, doe't der ris snie lei, alris neist ús hok weihelle. Dêr wie er fêstrûn en stie er oan de knibbels ta yn 'e snie. Ha him ek gauris thúsbrocht mei suterich waar.

Foar ús, en dan oan 'e wei, wenne Broer Adema, de winkelman. Hy wie ek leafhawwer fan bisten, sa hat er in skoft in herdershûn hân. Dy hûn hie de gewoante om betiden ek nachts te blaffen. Wy hiene dêr fansels in hekel oan, mar Broer sels ek. Wy ha him gauris razen heard tsjin dy hûn, dan stie er op it platte dak. Ienris smiet er sels de batterijen út

syn bûslampe nei de hûn ta, sa lulk wie er. Broer hie trouwens mear bisten û.o. slangen en fretten. Ienris ha wy sa'n fret by ús yn 'e keuken hân, dy wie útnaaid.

It kaam ek foar dat wy bûtendoar frjemde lûden hearden dy't wy net thús bringe koene, benamme yn it begjin net: it gie dan fan 'boemm', in hiel dof lûd. Letter die bliken dat it de lege oaljefetten fan de smid wiene dy't bûtendoar steane. It hie te krijen mei it úsetten en wer krimpen fan dy fetten!



Sake en Gjetsje en wy (novimber 1984) wiene noch mar krekt út de âld skoalle doe stie de saak al yn 'e brân. Links wurdt ús hûs wiet hâlden, yn de midden de (eardere) wente fan de famylje Postma

Nei't wy dêr 10 jier wenne hiene, woe de gemeente ús hûs wol keapje, mar ja, foar in priis dy't ús net goed talike. Der waard tiden lang oer hinne en wer praat oant ik op in kear by boargemaster Soepboer op it

gemeentehûs komme moast. It wie yn de tiid fan de weryndieling en mei in fjouwer wike soe Eastdongeradiel ophâlde te bestean en soe it Dongeradiel wurde.

Boargemaster Soepboer sei: “Wy wolle dit eins noch foar dy tiid út ‘e wei ha, dat wy hiene tocht dat wy mar ruilje moatte: de gemeente jim hûs en jim de smidte fan Van Driesum”. Van Driesum siet doe krekt yn it nije bedriuw oan de Griene Wei en de gemeente hie de âlde gebouwen en it hûs oernaam.



De hiele saak wurdt mei de grûn gelyk makke om plak te meitsjen foar de nije huzen oan de “Blommestrijtte”. Op de eftergrûn de huzen fan de Langgrousterwei.

Ik wist net wat ik hearde, dat ik ha mar gau sein dat it wol goed wie en sa binne wy fan De Buorren 7 ferhuze nei Langgrousterwei 4. Dat wie yn novimber 1984 en wy ha dêr oant 1999 ta wenne. Dat is wol wat ticht nei hjoed de dei ta en soks witte de measte minsken

noch wol. Dêrom stopje ik no mei myn oantinkens oan huzen dêr't wy wenne ha, mar....

wa nimt de pinne fan my oer? wa fertelt noris oer syn as har jeugd, oer de huzen dy't bewenne binne, oer wurk dat dien is, oer wat der feroare is??!!

It is tige wichtich dat soks dien wurdt want dan bliuwe de ferhalen en de oantinkens oan ús doarp bewarre en geane se net ferlern. As men soks sels net sa goed kin, as wannear't men tinkt dat men soks net kin, wol de redaksje fan De Doarpsskille fêst wol helpe. Dat ha se my ek dien.

Geart Cuperus

*Sjoch foar de eardere dielen yn dizze searje De Doarpsskille fan juny 2011: Oantinkens oan De Lyts Ein en fan septimber 2011: Oantinkens oan De Griene Wei 9.

Froulju's wurk!

Kinne jim ek fan dy karweikes, dy't foarhinne net hoegdest te dwaan omdat in man der wol mei rede, mar wêr't wy froulju, jierren nei it begjin fan de emansipaasje, no ús hân net mear foar omdraaie meie. Sokke karweikes, dy binne der, sin hast der net oan, wolst it eins net iens leare. Soks moat je fansels net lûdop sizze, want dan ha je de rapen gear. Dat kin ik my wol wat begripe, want de mannen ha harren aardich oanpast sa stadichoan, se dogge mear yn it húshâlden en bemuoie harren mear my de bern en it iten. Hjoeddedei kinst se achter de bernewein rinnen sjen, achter in stofsûger en ek wol achter in winkelkarke. En dan kinst as frou eins net mear eamelje oer spesifike karweikes foar de man. Mar ergens stikem, wurket it sa noch wol.

Nim no de auto, wa moat dêr no mei rêde, de man as de frou. Skjinmeitsje en stofsûgje kin beide wol, dus dêr ha we it net oer. Mar dan dy oare dingen sa as oaljepeile en mooglik byfolle, it wetter foar de rúten kontrolearje en byfolle, lucht yn de bannen dwaan, de auto nei de garaazje bringe ensfh. Niks gjin swiere putten, mar sels ha ik d'r gewoan gjin sin oan, lit soks it leafst mar oan in man oer.

Doe't ik learde foar taksysjauffeur wie d'r ek in boekje wêr't yn stie hoe je problemen, dy't je krije kinne mei de auto, oplosse moasten. Ik bin d'r fluch trochhinne blêde en krieg it gefoel dat ik wol automonteur wurde koe ynstee fan taksysjauffeur. Dat wie net de bedoeling fansels, wol moastest it oaljepeil, de rem- en koelfloeistof en it wetter kontrolearje en byfulle kinne. Fierder moastest dan noch witte wêr't de sekeringen ferstoppe sieten, sa datst dy ûnderweis ferfange as omwikselje koest en ek moastest in bân ferfange kinne.



No binne de earste dingen net sa'n grut probleem, ast de motorkap mar iepen krije kinst. Oer de sekeringen krieg ik mei myn eksamen in fraach. De radio wie sabearre útfallen en wêr sieten no dy sekeringen yn de auto. Krammelle ik skeat fuort yn de stress, wat in rot fraach, hoe siet it ek alwer? Lökkich, hie myn lesjouwer it der in pear kear mei my oer hân, stel ik krieg d'r in fraach oer by it

ôfriden, en wist ik dat je soks opsykje kinne yn it ûnderhâldsboekje fan de auto. Dus earst boekje sykje en doe it haadstik oer sekeringen

opsykje. En dan moat je foaral rêstich bliuwe, want iets sykje ûnder druk wol faak net (wolris de papieren sjen litte moatten oan de plysje, ek sa iets). Mar ik ha it fûn en koe oanwise wêr t de sekeringen yn de auto sieten. De man bliid en ik net minder.

En dan in bân ferwisselje, êh dat hoegst ek net te learen, op it eksamen moast ik wol fertelle kinne hoe't soks yn syn wurk gie, mar dernei bin ik dat gau wer fergetten, mocht soks barre, dan ropst d'r dochts in man by?

Mar noch net sa lang lyn wie it safier. In dei nei in freondin en doe't ik wer fuort soe hie de auto in lekke bân. Wat ferfelend. Hoe losse je soks op? Mei de tillefoan fansels. Sy har man belje, ik mines. Mar dat waar neat, gjin help fan dy kant. Hoe no? Ik ferwachtte eins dat myn freondin no op de proppen komme soe mei in tûke buorman of sa, dy hie ik dy moarns al in pear kear rinnen sjoen, mar se sei neat. Dus moasten we wachtsje oant har man thús komme soe, allinnich duorre dat noch oeren. No dêr hie ik gjin nocht oan en doe ha ik earst mar ris yn de kofferbak sjoen. Dêr lei wrachtich in reservebân en in krik en ek noch in moerkaai. Al myn kennis oer it ferwikseljen fan in autobân kaam ergens út de teannen wei nei boppe driuwen en ik wist myn freondin te fertellen dat sa'n bân in 'thúsbrenger' neamt waar. Sy wie fuort ûnder de yndruk en doe koenen we net wer werom. As froulju soenen we d'r mei rêde, gjin mannen nédich. Earst dy krik mar út en doe ûnder de auto. Dat mei net oeral, dêr is in spesjaal plakje foar hie ik alris heart. Wrachtich dat koenen we fine en al rillegau kaam de auto omheech. Even trochsette en de bân hong frij. Geweldich. It fielde as wienen we al hast klear. Myn kennis fan it ferwikseljen fan bannen fertelde my dat we noch even wachtsje moatte hienen mei it omheech krikken fan de auto, want no wie it folle dreger om de bouten los te draaien. Stiet de bân noch op de grûn dan kinst mear skripsette. Dochts earst mar prebearre, mar it slagge net. Doe de bân earst mar wer sakje litten, mar ek doe koene we gjin beweging yn dy bouten krije. Wel ferduld, kaam it no op spierkrêft oan? En dêr kaam de buorman al troch de hage hinne, wat ha we no? In lekke bân? Oh, dan sil ik myn frou d'r even byroppe, dy hat dat foarich jier noch in kear by de ein hân. Grappich! De frou kaam, mar wist ús ek niks nijs te fertellen. It probleem wie earst hoe dy bouten los te krijen. No dat hat de buorman oprêden. Hy hat de bouten earst bespuite mei krûpoalje (in idee fan syn frou), de boel even ynwurkje litten en doe de bouten mei in moker losslein. Doe't de bouten wat lossier sieten, koe de bân wer omheech. Undertusken koe de reservebân út de kofferbak en ûnder de auto lein wurde. Mocht de auto

fan de krik falle, dan falt de auto op de bân en net op de grûn, dat skeelt in hiele protte reparasjonskosten (soks stiet allegear yn dat boekje). De lekke bân d'r ôf en de thúsbringer d'r ûnder. Buorman de bouten noch even goed fêst oandraaie en doe koe de boel wer nei ûnderen kript wurde. Lekke bân yn de kofferbak, krekt sa as de krik en de moerkaai. Kofferbak ticht en klear wienen we. Wauw, in autobân ferwiksele en eins sûnder man... No ja, dat is net wier fansels, mar hiene we wat mear spierkrêft hân, dan hienen we d'r mei redt. Dus froulju ek dit putsje kin we sels mei rêde, spitich hê. Noch even in tip, jûn fuort mar krûpoalje en in moker achter yn de kofferbak lizze, neist de reservebân.

AWB

Op de kofje by.....Nynke Themmen

Op 26 oktober jl. waard foar de tredde kear de útferkiezing foar berneboargemaster fan Dongeradiel holden. Út 19 kandidaten waard Nynke Themmen út Easternijtsjerk keazen as berneboargemaster. Foar de redaksje oanlieding foar in gesprekje mei dizze kanjer.

Nynke is 10 jier âld en sit yn groep 8 fan de Foeke Sjoerdsskoalle. Doe't Cootje Klinkenberg-Franken in kear op skoalle kaam om it ien en oar te fertellen oer de ferkiezing foar berneboargemaster hie Nynke fuortendaliks it idee om mei te dwaan. Se hat sels tsjin har sein; "Ik wurd de nije berneboargemaster!".

Mar sa fier wie it noch net fansels, se moast earst de striid oangean mei 18 oare kandidaten. Alle kandidaten moasten in speech fan trije minuten hâlde foar in sjuery werom sij graach berneboargemaster wurde woenen. Op in grut skerm wienen se te sjen en de sjuery hie d'r in hiele klúf oan, d'r wiene gjin minne kandidaten bij. Ut dizze 18 kandidaten waarden de trije besten útsocht, dy't foar in twadde rûnde moasten. Se krigen in opdracht en moasten yn goed fiif minuten in taspraakje foarberiede. Nynke kaam doe as bêste út de bus en kriich in grut applaus fan har publyk. De parsefotografen kamen op har ôf, krekt

as wie se in echte superstjer! Op ynternet en de kranten waard it nijs bekind makke. Omrop Fryslân hat de hiele middei oan it filmjen west en de oare deis wie d'r yn Hea in reportaazje te sjen.

Wêrom Nynke útkeazen is? Se tinkt sels om't se entûsjast wie, oertsjûgjend, selsfersekere en dat se in goed ferhaal hie. Yn de twadde rûnde wie se noch net hielendal wis, se hat noch hiel wat ymprovisearre om d'r in goed ferhaal fan te meitsjen. It leukste fynt se dat se taspraakjes hâlde mei en dat se tegearre mei de echte boargemaster op paad mei nei leuke aktiviteiten. Se hat al nei de radio RTVNOF west foar in ynterview en hat tegearre mei Lolke Folkertsma fan it FNP nei basisskoalle de Fjouwerhoeke yn Hantumhúzen west om wat te fertellen. Sneon 12 novimber kaam Sinteklaas yn Dokkum oan en Nynke wie d'r fansels bij. Se mocht Sinteklaas in fraach stelle, se frege him oft Sint it ek ferfelend fûn om út it waarme Spanje nei it kâlde Hollân te gean. Lokkich kriich Sint altyd waarme gefoelens yn Hollân, sadat hij de waarmte net sa miste.

Ynkoarten is d'r in Sinteklaasfeest op de Súderskans en Nynke is d'r dan ek wer bij.

Ek yn Nijtsjerk mocht sij Sinteklaas wolkom hjitte. Fierder sil se yn elts gefal bij de nijjiersresepsje, op Keninginnedei en op 4 maaie yn aksje komme. Nynke hat ek in eigen amtskeatting, dy't se eltse kear om ha moat at se yn it iepenbier optreedt.

Senuweftich is Nynke net foar har optredens, foaral net as d'r bern bij binne. Allinnich doe't se ynstallearre waard as boargemaster hie se net ferwachte dat d'r safolle grutte minsken bij wêze soenen.

Bern kinne bij har terjochte at se ideeën ha om wat te feroarjen yn harren buert, at se mear boarterstastellen ha wolle of at d'r ferkearsûnfeilige situaasjes binne. Mar ek at se graach in Mac Donalds yn Dokkum ha wolle, kinne se harren bij Nynke melde. Se hat in eigen mailadres kinderburgemeester@dongeradeel.nl wer bern wat hinne stjoere kinne. Nynke bepraat it dan mei har coach en dan komt it miskien yn'e gemeenteried op de agenda. En at it idee hiel goed is, kin it sels ta útfier brocht wurde.

Se fynt it leuk om taspraakjes te meitsjen, se docht it meastal hielendal sels en hâld d'r dan rekken mei dat it foar alle bern te begripen wêze moat.

Op skoalle binne se d'r no wat oan went om yn'e klasse te sitten mei in boargemaster. Nynke fûn it wol moai om de oare deis op skoalle te kommen, d'r wie in spandoek makke, d'r hongen slingers op it plein en har stoel wie fersierd.

Se genietet d'r fan en fynt it hiel leuk om mei de echte boargemaster op paad te gean. Oft se sels ek boargemaster wurde wol, dat wit se noch net. It leafst soe se aktrise wurde mar at dat net slagget soe se ek wol wat yn'e polityk dwaan wolle.

Ik tink dat we – op hokker wize dan ek - noch in protte hearre sille fan dit jonge talint!

Tsg



De âlde (Maud Hoogland) en de nije boargemaster!

25 Jier Lyn yn de Doarpsskille



DE WUNDERKOAL !!

Men hat it betiden oer grutte opbringsten fan de ôfrûne simmer. De iene boer hat noch mear fan it fjild krigen as de oare. Wat in rispinge: jirpels, biten en neam mar op; it wie geweldig. Wy ha it ferline jier ek al ris hân yn de Skille oer de jirpelplant fan Taede Dijkstra. Op it perseeltsje. Wy ha der allegear suver efkes stil fan west. It wie dan ek wat bysûnders, mar ek dit jier is der wer wat bard dat we perfoarst efkes fertelle moatte. Oars wurdt it ús fêst kwea-ôf nommen.

Oan de wei nei Bollingwier, wêr't yn it ferline Fokke Meinsma wenne, dêr bin no ek perseeltsjes. Wy witte as Nijtsjerksters wol dat it dêr hiel fruchtber lân is. Fokke Meinsma is teminsten nei Dokkum ta ferhuze en "libbet dêr no stil", sa't men dat neamt.

Mar om efkes fierder te gean oer dy perseeltsjes. Dêr koene fansels nije boeren pleatst wurde. Der wiene guon by dy't noch nea earder soks by de ein hân hiene: postrinners, autoriders, ferwers en soksoarte lju. Gjin ferkeard wurd dêr oer hear. It binne bêste minsken, neat op oan te merken, mar fansels noch net folle doel oer griente-ferbouwe en soksoarte saken. In lyts foarbyldsje.

Ealze W. en Wytse D. hiene dêr tegearre ek in pear ekers. En dit moat sein wurde: se woene wol oannimme en nei goede rie harkje fan mear betûfte boeren, lyk

as Aldert Linthof en Sake Postma net te ferjitten. En wat noch in lokkiger tafal wie: Piter Sikkema, dè deskundige túnker ûnder ús, wy meie him mei alle rjocht in fàkman neame, wenne der flak njonken.

Jimme witte ek wol dat as men it ien as oar by him keapet, hy fergees alle mooglike foarljochting jaan wol. Soks is in grut gelok foar al dy nije boeren. Trouwens, se wiene ek gauris op it lân en fansels mei allegear nij ark: in nije houk, in nije túnklauwer, in nije lep en neam mar op. Goed ark is it heale wurk en net te min keunstdong fansels. As de mannen efkes tiid hiene, waarden se der troch de froulju hinne stjoerd. As men froulju efter de hân hat, is soks moai, mar as men se efter de broek hat, is dat minder moai. It wie goed miend fansels; dêrom wolle wy der ek gjin ferkeard wurd oer sizze.

Woartels, sipels, beantsjes en alle soarten oar sied waard der yn smiten. De koalplanten hellen se by Piter Sikkema wei. It wie fansels in grut foardiel dat dy man sa tichtby wenne, dan koene se nea sa gau ferjitte, hoe't se de koal sette moasten.

En it resultaat!! It is hast net te leauwen!

Ealze hat Sake der earst by helle want der wie ien wite koal by, dat wie dwers troch alles hinne. No tegearre bin se der op ta stapt, hiel foarsichtich, as soene se te mollefangen. Wûnders moat men ek nea domwei op ta fleane, nee, foarsichtich benaderje. Leave stumper, sei Sake, sa ha ik it noch nea earder belibbe. Om de koal fan de oare kant te besjen moasten se wer nei de ein fan de eker ta en doe de oare grippel del. Doe hiene se him alhiel besjoen.

Dy moat metten wurde, ornearren de beide mannen. In sintimeter waard ophelle en der omhinne spand. En sjoch dêr: krekt 100 sintimeter.

Ealze sei: As de sintimeter langer west hie, hie de koal fêst noch dikker west. Dat wie wol wat ûnbegryplik praat fansels, mar it wie ek in uterjen fan kleare-bare spanning.

Thús ha se him doe ek nochris woegen: 21 pûn!

Ealze sei: je bin' boer as je binne it net! Wy hâlde 11 pûn en Wytse krijt 10 pûn. Dat is reedlik. Mar Sijke sei, wat moat wy mei 11 pûn wite koal. Ealze ornearre dat Sijke de buorlju ek wol in poarsje bringe koe. Dat gyng ek net troch. Sijke sei, wy binne hjir as froulju allegear op dieet, dus bring him alhiel mar nei Wytse en Jannie ta. Sa is it doe ek gien. De wûnderkoal yn in plestik sek en nei de pastory. Se ha dêr in wike lang koal iten en nei't men seit, ha Wieb en Haakje der ek noch trije kear stampot fan iten.

Wat kin der wat op it fjild waakse. Bjusterbaarlik. En froulju op dieet? Wolnee, se groeie as koal!!

ADV

Neiskrift.

Dat er yn Nijtsjerk tûke tûnkers binne, witte wy no hast wol. Ta beslút dochs noch ien lyts foarbyldsje út it ferline. Wie Taede Dijkstra yn 1983 grutsk op syn 39 grutte en 11 lytse jirpels fan ien plant, de hear Sevenster koe der yn 1929 ek al wat mei:

Dockumer Krante fan 15-10-1929.

De landbouwer W. Sevenster alhier pootte in het voorjaar een aardappel van drie pond zwaar. Dezer dagen werd nagegaan wat een resultaat deze kanjer had opgeleverd.

Nu, het resultaat was reusachtig, de struik bleek te bevatten:

65 groote aardappels die samen 23 pond wogen, samen met de kleinere en poters waren er 115 stuks, welke een korf half vulden.

Hoe is it no mei

Hedzer Wiersma wennet yn Drachten mei syn partner Wim. Hij is no 71 jier. No dy hie in soad te fertellen, dat dêr binne we hinne west!
Se hienen thús in soad bern, earst wienen der fjouwer en trije jier letter, nei trije twallingen, wiene der tsien bern. Dat wie in hiel grutte famylje.



Hedzer is mei 14 jier oan it wurk gien by bakker Siem Heeringa, dat kin we sjen op de foto mei de bakfyts. Letter wie hij bakker yn de Foeke Sjoerdstrjitte. Dat wie doe noch mei Fokke dat witte we noch; mei Peaske jonge pykjes yn de etalaazje, moai dat libben guod. Fierder moest Hedzer dan altyd sútelje mei de bakfyts. Earst nei Bollingawier en Nes en dan ek noch nei Ljussens, in hiele rûte. No dat trape swier hear, dat ding, dêr ha je gau je nocht fan, dat letter waard der in Citroën kocht, dat wie better. Gemak dient de mens! Hij hat trije Citroëns hawn. Doe't Hedzer 40 jier wie is er út Nijtsjerk wei gien. Hij kaam doe yn Donkerbroek

bij in bakker mar dat hie er nei in jier ek wol besjoen, dat doe koe hij bij in banketbakker yn Drachten komme. Dat hat er 10 jier dien en dernei hat er foar hiel wat oars keazen. Hij wurke doe yn de bestjinning yn in restauraazje. Dit foldie better. Nei noch 3 jier yn de keuken fan in callcentre koe er mei 61 jier yn de vut.

Op de fraach wat de leukste oantinkens fan Nijtsjerk wiene antwurde er: dat wie de tiid fan de Bûnte Flinters, dat wie prachtich om dat wer op te starten mei al dy oaren. Hij hat noch twa kear mei dien en doe ferhuze hij. Ek hat er wol yn de sjury sitten fan de foardrachtwedstriden yn de



Terp. Dêr ha ik (Sytze) ek noch oan mei dien mei de foardracht: Gijs bracht de kranten rond... fandêr...

Hedzer hat toch noch fyftich jier toniel spile, dat hat altyd in grutte hobby west! No is hij dêr mei ophâlden want lichamelyk waar it te swier, hij is gjin 25 mear. Dit dogge we


him net nei. De fraach of't hij ek wer werom wol nei ús doarp? No, dat woe er yn it begjin wol doe't er hjir krekt wei wie, de gedachte wie dat as er 65 jier waard om dan werom. Mar doe't it safier wie is dat dochs net trochgien. Je fine nooit wat je efterlitten ha, no der koenen wij wol mei ynstimme.

Hedzer makket him nooit lulk want dat jout dochs neat seit er.

We ha moai bijpraat mar we wiene it fototastel fergetten, dat kin gebeure. Lokkich hie Hedzer in skitterend fotoboek en doe koene we mar útsykje. Wim, dat is dêr de kompjoeterman, hat se even ynskand en trochstjoerd fia de mail. Sa kinne we sjen hoe't er der doe en no úsjocht.

Allegear de groetnis fan Hedzer.

Sytze



Deze keer bij bedrijf in beeld een kijkje achter de schermen bij Peter en Janneke Themmen. Oftewel de meest beroemde ouders van Dongeradeel, mede dankzij Nynke uiteraard.

En uiteraard zijn wij als dorp ook super trots dat onze kersverse kinderburgemeester uit Oosternijkerk komt.

Toen ik Peter belde zei ik dat ik ongeveer een half uurtje nodig had om even wat informatie op papier te zetten. Maar ja, gezelligheid kent geen tijd. Dus het half uurtje werd uiteindelijk bijna twee uur.

Peter heeft zijn prille kinderjaren in Grijskerk gewoond, in 1958 verhuisde het gezin naar Ferwert. Na een succesvol afgeronde MLS studie kwam de HLS in beeld. Eerst was er nog een mogelijkheid om via een uitwisselingsprogramma een jaar naar Amerika te gaan. Deze kans werd door Peter met beide handen aangegrepen en dus werd de University of Minnesota zijn volgende uitdaging. 1 Jaar werd uiteindelijk 3 jaar, want na Minnesota was California de volgende bestemming, waar Peter nog 2 jaar verbleef. Uiteindelijk is door het Amerikaans avontuur de HLS erbij ingeschoten.

In 1982 kwam Peter weer naar Nederland en hij heeft daarna 8 jaar op de boerderij van zijn ouders meegewerkt. In 1983 kwam Janneke in beeld, Janneke was destijds secretaresse bij het GAK, deze functie heeft ze tot 1994 vervuld. In 1985 gingen ze samenwonen bij Ferwert.

Nadat Peter en Janneke in 1990 trouwden zijn ze naar Anjum verhuisd, ze namen daar het loonbedrijf van Fr. De Beer over. Midden jaren negentig werd het kraanbedrijf van Fr. Postmus en de agrarische activiteiten van loonbedrijf Post overgenomen. In 2001 werd de agrarische tak overgedaan aan Wiep Dijkstra te Nes. Tegenwoordig is Themmen vooral een grondverzetbedrijf met daarnaast nog een deel agrarisch loonwerk. De huidige personeelsbezetting bestaat uit 4 medewerkers.

In het grondverzetwerk zijn er natuurlijk ook leuke anekdotes te vertellen, zo was er een klant die zijn tuin een beetje anders wilde inrichten. Er moesten o.a. wat heuveltjes komen.

Dus Wiep Dijkstra (de Buorren) had de heuveltjes gemaakt, maar deze klant wilde alleen even kijken waar de heuveltjes het mooiste tot hun recht kwamen, dus even later mocht Wiep ze nog een aantal malen verplaatsen, zodat de betreffende klant de keus kon maken waar de heuveltjes het best gesitueerd zouden kunnen worden.

Peter heeft bovendien in 2004 de bedrijfsleiding van de ouderlijke boerderij overgenomen i.v.m. het overlijden van zijn vader en runt naast hun grondverzetbedrijf dus ook nog een akkerbouwbedrijf van 100 hectare samen met een vaste medewerker.

In april 2010 werd Anjum verruild voor de Langgrousterwei, deze stap werd mede genomen i.v.m. een betere bedrijfslocatie.

Peter, Janneke, Martin (15) en Nynke (10) wonen hier met veel plezier.



Peter en Janneke houden van reizen, muziek en de geneugten van het leven. Naast de drukke werkzaamheden van het bedrijf en de boekhouding reserveert Janneke ook nog de nodige tijd voor haar grote passie, cabaret! Met het cabaretgezelschap Noordenbos & Ko reist ze dan ook door heel Nederland. Inmiddels is ze al bijna 16 jaar actief bezig met cabaret.

Tot slot heb ik ook Peter en Janneke nog even naar een favorietenlijstje gevraagd.

1. Favoriete auto - Chevrolet El Camino (Peter)
2. Favoriete gerecht - T-Bone Steak

- | | |
|--|---|
| 3. Favoriete restaurant | - Mexicaans |
| 4. Favoriete boek | - 'Vrijdag' van Loes den Hollander en de boeken van James Clavell. |
| 5. Droomreis | - Een wereldreis: Amerika, Hawaii, Australië, Nieuw Zeeland enz. |
| 6. Favoriete provincie(s) | - Friesland, Groningen |
| 7. Favoriete muziek | - Teveel om op te noemen, o.a. Rolling Stones, Steely Dan, Eagles, Johnny Cash. |
| 8. Favoriete concert | - Willy Nelson in Las Vegas. |
| 9. Favoriete film | - One flew over the cuckoo's nest. |
| 10. Bedrijfsmotto voor de komende jaren. | - Mei wille en sūnens it bedriuw kontinuearje. |

Peter en Janneke bedankt voor dit uitermate gezellige interview.

PJH

Klaverjasclub Mei Nocht en Wille

A



Woensdag 5 oktober 2011 speelde de klaverjas vereniging Mei nocht en Wille weer de eerste wedstrijd van dit seizoen met een mooie eerste plaats voor een van onze oudste deelnemers Andries Brouwer.

Afgelopen woensdag 2 november 2011 was het weer klaverjassen om vlees prijzen. We hadden 38 spelers en en het voelde als van ouds. De strijd was weer hevig en ging om wie er met de mooist prijs vandoor ging. De winnaar is Gelf Groen uit Dokkum met 5.409 punten.

Het was weer een gezellige ochtend met een lekker kopje koffie en bij de laatste ronde twee lekkere hapjes uit onze EURO kas en met sponsering van slager Hoekstra uit Anjum.

PvdB

Beste jongens en meisjes van
Oosternijkerk,

Ik wil jullie heel erg hartelijk bedanken voor het fijne feest dat ik vanmorgen bij jullie mocht vieren. Wat was het weer een spektakel! Even leek het erop dat het feest misschien niet door kon gaan.

Sint wilde namelijk erg graag met de stoomboot naar Oosternijkerk komen dit jaar. Twee pieten waren al vooruit gegaan om in de vaart van Oosternijkerk op mij en de andere pieten te wachten.



Stuurpiet had speciaal hiervoor een nieuwe TOMTOM gekregen; dan kon hij heel gemakkelijk de weg vinden. Maar wat bleek nu? Had die malle stuurpiet Oostmahorn, in plaats van Oosternijkerk in de TOMTOM getypt! Nou, daar waren we dan in Oostmahorn. Hoe moest Sint nou zo snel in

Oosternijkerk komen? Gelukkig wilde Jacob Elzinga met zijn mooie boot net een eindje op het Lauwersmeer gaan varen. Hij hoorde dat Sinterklaas een probleem had en wilde natuurlijk direct wel helpen! Wij mochten lekker allemaal achterin de boot en toen snel naar Oosternijkerk.....

Sint was zo blij dat jullie daar op ons hebben gewacht. En wat fijn dat de Drumband van Oosternijkerk er dit jaar ook weer bij was. Is het jullie ook opgevallen, dat ze er dit jaar anders uitzagen? Helemaal in een nieuw jasje! Mooi, hoor! En wat Sint ook zo prachtig vond, waren de jonge drumpietjes. Sint was zeer onder de indruk van ze!

Er was nog iets bijzonders bij onze aankomst in Oosternijkerk. André Beeksma werd vanmorgen ondersteund door de echte kinderburgemeester van de gemeente Dongeradeel, Nynke Themmen. Dat heeft Sint nog nooit eerder meegemaakt. Jullie zijn vast erg trots op haar!



Maar goed, Sint dwaalt een beetje af. Dat krijg je als je al zo oud bent.... Toen Sint uit de boot stapte, hoorde hij van André Beeksma,



dat de twee pieten die vooruit waren gestuurd, wel heel erg gevaarlijk hebben gedaan in hun roeibootje in de vaart! Ze hadden niet eens een zwemdiploma en ook geen zwemvest aan. Jullie weten natuurlijk wel dat dit niet kan, hè! Sint is er erg van geschrokken; ze hadden wel kunnen verdrinken! Gelukkig was onze eigen badpiet meegekomen uit Spanje. In

het Lokaal heeft badpiet ze zwemles gegeven. Ze vonden het wel erg moeilijk, maar gelukkig waren er heel veel jongens en meisjes die al een zwemdiploma hadden of op zwemles zitten. Jullie konden mooi voordoen hoe dat nou precies moet: armen vooruit, wijd open en weer dicht. En hoe zat dat ook alweer met de benen? De pieten moesten ook nog leren watertrappelen; dat was wel lastig, want ze snapten er niets van. Door een gat onder water zwemmen, dat was me wat! Achterstevoren ging dat eerst, maar met wat oefenen is het ze toch gelukt...



Het enige wat de pieten maar niet onder knie kregen, was 20 tellen de adem inhouden. Dit moesten ze eigenlijk wel leren, want als je door het gat moeten duiken onder water,

moet je je adem wel inhouden! De pieten konden natuurlijk niet zo goed zwemmen als jullie, maar Sint heeft vandaag over zijn hart gestreken en ze toch maar een pietenzwemdiploma gegeven.

Tja, en dan was er ook nog het probleem van die stiekeme versierpiet! Hij was de slingers voor het Lokaal kwijtgeraakt. Maar daar wisten jullie natuurlijk al veel meer van! Hij heeft aan jullie een brief geschreven en gevraagd of jullie bij de knutselclub wel nieuwe slingers wilden maken voor hem. Nou, dit is zeker goed gelukt. Sint wist niet wat hij zag, toen hij in het Lokaal kwam vanmorgen. Jullie hebben goed je best gedaan en schitterende vlaggen gemaakt. Bedankt lieve kinderen! Enne, versierpiet, de volgende keer niet meer tegen Sint jokken, hoor!



Als Sint weer terug gaat naar Spanje, stuurt hij alle pieten eerst maar weer eens een jaartje naar de pietenschool. Stuurpiet moet goed leren schrijven en typen. Versierpiet moet maar een opbergkast maken voor de slingers en leren om eerlijk te zijn. En die twee klungelpieten? Ja, die moeten maar op echte zwemles in het zwembad. Als ze goed hun best doen, halen ze vast hun A-, B- en C-zwemdiploma. Blijven jullie zelf ook goed je best doen met zwemmen?

Sinterklaas heeft in ieder geval erg genoten van het spetterende feest. Ik kom graag volgend jaar weer bij jullie terug!

Met vriendelijke groet,

Sint Nicolaas



Opening

Schoonheidssalon Nadine

Vanaf begin januari, februari start schoonheidssalon Nadine een 2^e salon in Oosternijkerk. De salon komt bij kapsalon Geartsje te Oosternijkerk op de Bourren 20.

In de salon kunt u terecht voor:

- Huidverbeterende behandelingen
- Wellness behandelingen
- Microdermabrasie: een zeer intensieve peeling, hiermee gaan we op een eenvoudige manier de gevolgen van de verouderde huid tegen.
- T-away: een directe oplossing voor huidoneffenheden zoals pigment- en ouderdomsvlekken, couperose, bloedblaasjes, fibromen en steelwratjes.

De salon start met een nieuw merk 'La Biocome', hét product voor huidverbetering en het tegengaan van een verouderde huid.

Wilt u uw huid eens extra aandacht geven? Kom dan langs op de open dagen in januari of februari 2012 (de exacte data zijn nog niet bekend)

Even voorstellen:


Na de opleiding tot schoonheidsspecialiste op de Friese Poort te Leeuwarden ben ik mijn eigen salon begonnen in Brantgum. In tussentijd heb ik veel ervaring opgedaan bij Schoonheidssalon Petra te Leeuwarden en heb ik de opleiding tot doktersassistente gevolgd. Hier heb ik mijn kennis verbeterd op het gebied van medicatie, medische handelingen, anatomie, fysiologie en huidaandoeningen. Bovendien heb ik specialisaties gedaan voor de skinscrubber ultrasone apparatuur, microdermabrasie en T-away

Ik ben zeer enthousiast over deze nieuwe salon en wil dit graag met u delen, dus ik heet u van harte welkom bij:

Schoonheidssalon Nadine.



Schoonheidssalon Nadine heeft ook een vestiging in Brantgum. Wilt u eerder een afspraak maken dan bent u hier ook van harte welkom.



Goeie allegear,

Sa, dêr binne we dan wêr.

En yn disse Skille komt dit kear myn lêste puzel. It is dit kear in greep út in hiel oantal lytse puzeltsjes dy't noch yn myn mapke sieten en in oantal út in puzelboekje dat ik krigen ha fan de oare redaksjeleden.

Sukses dermei jmb

L	N	P	R	-	...
D	G	I	L	-	...
F	I	L	O	-	...

wat is de volgende letter in de reeks?

a	b	c	d	e
f	g	h	i	j
k	l	m	n	o
p	r	s	t	u
v	w	x	y	z

Welke letter staat onder de letter die staat voor de letter onder de letter C?

welke letter staat na de letter die staat boven de letter onder de letter L?




welke letter staat boven de letter die staat boven de letter voor de T?

Maak de onderstaande getallenreeksen af (door te delen, optellen, vermenigvuldigen of aftrekken)

32 - 24 - 17 - 11 - 6 -


15 - 25 - 5 - 15 - 3 -

1 - 4 - 5 - 9 - 14 -






Welk getal komt op de plaats van het vraagteken?

Maak van de onderstaande getallen drie groepjes waarvan de som van de getallen gelijk is.....



Ontdek de logica. Welk cijfer komt op de plaats van het vraagteken te staan



Zoek drie soorten gerechten uit alle letters. U mag elke letter maar één keer gebruiken.

O N I R L T O T P E E O W E E P T T R A
K S C L H O E A R S

Ha jonges en famkes,
Ek foar jim de lêste puzel fan my



ZOEK DE 6 VERSCHILLEN



reclame

PAADWIZER



Doarpsbelang-----	D. Holwerda-----	242212
Groencommissie-----	P. Liemburg-----	720344
Doarpshûs De Terp-----	A. Visser-----	241486
Foeke Sjoerds Skoalle-----		241530
Protestantse Gemeente .-----	scriba F. Meinsma-----	242208
Koar 'Sjong de Heare'-----	A. v.d. Wagen-----	589243
U.D.I.-----	E. Buwalda-----	294331
Drumband U.D.I.-----	P. de Boer-----	241230
Bernejster-----	Afke Jongeling-----	241918
Biljertferiening 'De Terp'-----	L. Bergema-----	241704
Chr. Vrouwengroep ON-----	A. Bakker-----	241773
S.S.S.-----	T. de Groot-----	242334
isferiening-----	H. Zijlstra-----	241313
Jeugdhonek 't Terpke-----	B. Cuperus-Sijtsma-----	242048
Doarpsklaverjassen-----	J. Bergmans-----	241754
Klaverjasclub 'Nocht en Wille'-	G. Cuperus-----	241686
Keatsfer. 'De Lêste Slach'----	W. Westra-----	241636
'De Bûnte Flinters'-----	N.Wagenaar- Iedema-----	241777
'Ropta Boys'-----	J.A. Wijma-----	241574
OCO-----	Th. Faber sr.-----	241652
'Oars Aktyf'-----	A. Brouwer-----	241965
Knutselen-----	J. Hoekstra-----	241367
Dartclub Easternijtsjerk-----	H. Van Dekken-----	241447
'De Laatste Eer'-----	G. Post-de Boer-----	241199
55+ Gymclub-----	B. Elzinga-Rispens-----	241400
Koersbalvereniging ON-----	A. Wolsink-----	241613
Burenhulpdienst -----	A.Kuiper-Wijtsma -----	241384

Ynternet:

Nijtsjerk-----www.Oosternijkerk.com

Skoalle-----www.foekesjoerds-pcbodongeradeel.nl

Ropta Boys-----www.roptaboys.nl

Contact met 'de kerk' ----- <http://onijtsjerks-dumny.hyves.nl>

Moat der wat feroare wurde?

Lit it witte oan Anneke Weidenaar (ynf. op bls. 1)

AGENDA



Desimber

- 8 Spelmiddag Oars Aktyf
- 10 Kerstmarkt in dorps huis 'de Terp'
- 10 U.D.I. haalt papier op. Container naast dorps huis
- 23 Spokentocht groep 7 en 8, Knutselclub
- 24 U.D.I. haalt papier op. Container naast dorps huis
- 24 Start kerstvakantie
- 27 Kijkdoos maken groep 1-4 in 't Terpke
- 28 Zeepketting maken groep 5-8 in 't Terpke
- 28 Maatklaverjassen in 'de Terp'

Januari

- 1 Inleveren kopij voor de Skille
- 3 Redaksjegearkomste De Doarpskille
- 7 U.D.I. haalt papier op. Container naast dorps huis
- 8 Einde kerstvakantie
- 12 Spelmiddag Oars Aktyf en na de pauze Bingo
- 21 U.D.I. haalt papier op. Container naast dorps huis
- 25 Plaatjesbingo gr. 3, 4 en bingo gr 5-8 in 't Terpke
- 27 Plaatjesbingo voor groep 1, 2
- 28 Doarpskille nûmer 154 ferskynt

Februari

- 4 U.D.I. haalt papier op. Container naast dorps huis
- 10 55+ middei mei "Trijekaart" yn dorps huis de Terp
- 16 Spelmiddag Oars Aktyf
- 18 U.D.I. haalt papier op. Container naast dorps huis
- 25 Voorjaarsvakantie